

Temateek

Rinne yn 'e sinne

Ysbrand Drost

Wat is it lekker waar.

De sinne skynt,

de blomkes bloeie

en de fûgels fluitsje.

Jep stapt op it gers,

hy rint troch de bosk

en hy draaft oer it strân.

Dit is leuk! tinkt Jep.

Wat sjocht er dêr?

In bal!

De bal is heech en fier.

Jep wol de bal hawwe.

Hy rint,

hy draaft!


Hy kin net by de bal.

Hy draaft noch hurder.

mar dan...

'Jep!

Jep?'



Wat heart Jep no?

Hy ken dy stim.

'Wekker wurde, sliepkop,'

seit Sef.

Jep skrikt wekker

en skoddet mei de kop.

Hy is net bûten.

Hy is net yn 'e sinne.

Hy leit yn syn koer!

It wie in dream.

'Wolst mei?'

freget Sef.

'In blokje om?'

Dat wol Jep wol.

Sef docht de doar iepen.

Jep stapt nei bûten.

De sinne skynt net.

Brrr.. it is kâld!

Drip... drip... drip...

Rein?

Nee, tinkt Jep.



Ik wol net.

Hy stapt wer yn 'e hûs.

Ik wol sliepe en dreame.

Dan kin ik rinne yn 'e sinne.

